

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Kielstra Sânwinning Iselmar by Gaasterlân
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	De FNP-steatefraksje hat fan ferskate kanten fernommen dat der grutte soargen binne oer de plande sânwinning by Gaasterlân troch it bedriuw Smals. It giet om sânwinning foar de doar fan 30 jier en dat 5,5 kilometer út de Fryske kust by Gaasterlân. It giet ûnder oare om soargen oer ljocht- en lûdsoerlêst en om de gefolgen foar it toerisme. De FNP-steatefraksje dield de soargen dy't der libje en hat dêrom neikommende fragen:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wat is de krekte stân fan saken mei de fergunningferliening? Hat it bedriuw dat sân winne wol foldien oan alle wet- en regeljouwing om oan de gong te gean? Is no wis dat troch de sânwinning de drinkwetterfoarsjenning net yn gefaar komt? Konkreet: binne der noch mooglikheden om de aktiviteit op te kearen (bûten de bestimmingsplanwiziging fan de gemeente)? 2. Der binne yn Gaasterlân grutte soargen oer ljocht- en lûdshinder fan de plande ynstallaasje foar de kust. Yn hoefier falle dy saken ûnder de fergunningferliening? Wat kin der, yn oerlis mei it bedriuw, (noch) dien wurde om oerlêst fan lûd en ljocht safolle mooglik te beheinen (mocht de sânwinning al trochgean)? 3. Yn de LC fan 26-11-2018 wurdt ek melding makke dat der yn de toerismesektor grutte soargen binne oer mooglik ferlies oan besikers nei Gaasterlân en omjouwing. Hat der foarôfgeand ûndersyk west nei mooglik skealike gefolgen foar it toerisme? Is der ek sprake fan in soarte fan fûns om krekt te ynvestearjen yn it gebiet, om mooglik negative effekten foar dy sektor te beheinen (te beteljen troch it sânwinbedriuw)? Sa ja, yn hoefier stean de opbringsten fan sa'n bydrage yn ferhâlding ta de mooglik negative effekten fan de sânwinning? 4. Yn de LC fan 26-11-2018 wurdt ek beskreaun dat der neffens de stifting Gaasterlân Natuerlân yn de plannen net tocht is oan de 'akkumulaasje' (optelsom) fan alle yngrepen yn en om de Iselmar hinne. Bygelyks oangeande natuer- en miljeu. Mar dat soe ek fan tapassing wêze kinne op de toerisme- en rekreaasjesektor en op de gefolgen foar de omwenjenden. Yn hoefier wurde by de provinsje Fryslân grutskalige romtlike yngrepen net los (separaat) fan elkoar sjoen mar yntegraal beoardiele?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	26-11-2018
-------	------------